

LINEPRAAT

doarpskrante fan Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum



15

Nij: columnist
"Opmerker"

19

Marrit (l) en
Maud (r) winners
Halloweenparty

39

Myn doarp: "Ik bin
eins hiel tefreden
yn Reduzum."

(advertentie)

Altijd uitstekend bereikbaar!



Te voet, met de fiets, op de schaats, aanmeren met de boot of kiest u voor de auto? Jumbo Grou is altijd uitstekend bereikbaar. Bovendien parkeert u geheel gratis op ons grote terrein en kunt u gratis aanmeren aan onze steiger. Wij beschikken over een geldautomaat. Dat betekent voor u gemakkelijk en voordelig boodschappen doen!

Hallo

JUMBO
Grou



STILTE

No ferdwynt de simmer.
Op flústerfuotten dûnset
it lêste sinneljocht
oer it beammebûnt,
dat byldet as in skilderij
fan in moderne master.

De stilte is te fielen, sêft, sêft...

Aanst sil de stilte wike
en stoarmen mei keardelsnammen
sille bolderjend op 'e ruten stean.

Wy krûpe wei en wachtsje...

De stilte foar de stoarm.

Djip yn ús wuollet dy oare stilte.
De stilte fan de hope,
de stilte fan de frede...

Piter Renia

Gjin nee te keap

Fan novimber 2023 ôf is der neitocht oer de opset fan in bloeiend Reduzum. Ferskate oare doarpen gongen ús foar, we staptten op de ridende trein.

Mar sa'n trein hat wol enerzjy nedich, der moat in masinist komme, der moatte stokers wêze. Fan út Doarpsbelang waard in wurkgroep opsetten en de enerzjy kaam fan alle kanten op harren ta. Ideeën by de rûs, al of net ôfsjoen fan oare doarpen. Mar al dy mooglikheden moatte wól efkes op 'e rit setten wurde. De wurkgroep hie tocht oan stjoere en begeliede, de idee-oandragers hiene ynearsten tocht dat de wurkgroep it allegear wol efkes oppakke en útfiere soe. Nee, dus.

It duorre efkes, de froulju hiene der in swiere holle oer yn, mar doe't septimber tichteby kaam, ljochten de eagen. Ferskate aktiviteiten út alle hoeken fan de mienskip kamen boppedriuwen, in hiele trits fan ferienings en wurkgroepen seach yn dat hja harren op dizze wize profilearje koene en sochten oansluting. Meiliftsje en op de ridende trein stappe. En it publyk kaam yn aksje: de doar út en ideetsjes opdwaan of sels aktyf meidwaan. Der wie omers gjin nee te keap, in hiele wike aksje foar bern, de âlderein en alles wat der tuskenyn sit. Reduzum bloeide!

En it kommand jier bloeit Reduzum wer, mar dan twa kear: fyftjintûzen blombollen yn de maitiid en de minsken of ferienings dy't no de trein (en de sûkerbôle) mist hawwe sille grif yn de neisimmer derby wêze wolle!

Henk Korf



Scan de QR-code om 'Sinjaalpetear' in het Nederlands te lezen op reduzum.com.

Yn dizze Linepraat



Koartnijs.....	4	Signaalpetear	35
Ditbinik.....	9	Nijs fan de Sakeclub.....	36
Wistenjodat.....	11	Myndoarp.....	39
Aginda	11	Even voorstellen	43
Trije Doarpen Skoalle.....	13	Doarpsbelang Reduzum	44
Opinie	15	Terugblik Reduzum Bloeit	47
Koartnijs.....	17	Even voorstellen	53
QlubbRED	19	Biljert	56
Opinie.....	21	Iisklub	56
It Stikje.....	23	Keatsen	57
Weromsjen op 'e Great River Race.....	24	Kuorbal	59
Detiid hat west.....	27	V.V. Ilnsum.....	61

Volgende uitgave

De volgende Linepraat verschijnt op 19 december. Kopij hiervoor kan worden aangeleverd tot vrijdag 5 december om 12.00 uur via linepraat@reduzum.com.

Colofon

Linepraat is de dorpskrant van Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum en verschijnt 10x per jaar in een oplage van 650 ex.

Kopij aanleveren in Word (in Google-

lettertype Outfit regular 10) via linepraat@reduzum.com, foto's apart aan de mail hangen (via paperclip)

Redactie:
Sietje Boersma, Gerrit Jeuring,

Jantsje Kalsbeek, Henk Korf, Geesje Oosterloo. **De redactie kan kopij inkorten of geheel weigeren.**

Vormgeving: Jeltsje Brouwer, Debby Koot, Sygnie Steegstra, Titia Tilma.

Print: Zalsman bv

Bezorging: Geeske Smorenburg

Advertenties: voor informatie en tarief: advertentie@reduzum.com



Frysk Black Angus

Puur vlees, rechtstreeks van de
Black Angus-boerderij aan de Leppedyk!

Levering aan particulieren en horeca. Op afspraak geopend.
Familie Kerkhof | Leppedyk 56, Akkrum | www.fryskblackangus.nl

Peuteropvang in Reduzum

Kom gerust
een keer
langs!

Peuteropvang "De Earste Wjukslach" is een locatie speciaal voor kinderen tussen de 2 en 4 jaar. Kinderen kunnen twee dagdelen per week komen spelen. De peuteropvang is een veilige en stimulerende plek, helemaal gericht op de ontwikkeling van kinderen. Met ons tweetalig beleid krijgen Fries en Nederlands beide gericht aandacht. Daarnaast werken we met voorschoolse educatie om spelenderwijs te leren. We verwelkomen jouw kind graag bij Peuteropvang De Earste Wjukslach!



Kijk op kidsfirst.nl
of scan de code



Contact

Peuteropvang "De Earste Wjukslach"
PO.EarsteWjukslach@kidsfirst.nl

Master Gorterstrjitte 9a
9008 TB Reduzum (Roordahuizum)
Tel: 06-58971100

Lieve mensen,

Via deze weg willen wij jullie namens de familie bedanken voor de warme belangstelling gedurende het ziek zijn en na het overlijden van mijn lieve man, skoanheit en pake Riekele Heida.

Dank foar alle moaie blommen, jimme kommen en de appkes en kaarten dy't ik krigen haw by myn thúskomst út it sikenhûs.

It giet goed mei my!
Tineke Broekstra

De vele bloemen en kaarten met lieve/mooie woorden zijn een grote steun geweest, en geven ons de kracht om dit verlies een plaats te geven.

Durkje, kinderen en klein kinderen.

Klussendienst

Voor de maanden november en December is Aukje de Vries contactpersoon voor de klussendienst. Haar telefoonnummer is 0620226771

Opbrengst zonnepanelen

De herfst is intussen begonnen. De dagen worden korter, en dat is ook te zien aan de opbrengstcijfers. Ook de zonnepanelen die gericht zijn op het oosten en westen geven minder opbrengst nu de zon alsmäär lager komt te staan.

Als men kijkt naar bovenstaande staafdiagram, dan blijkt dat dit jaar september het goed heeft gedaan t.o.v. andere jaren, qua opbrengst op de derde plek. De weergoden waren ons goed gezind in september, zeker in het merkewekeinde.

Bartle de Leeuw



Beste bewoners van Reduzum, Eagum, Idaerd en Friens e.o.

Na jaren met veel plezier Kerstbomen te hebben verkocht, heb ik besloten om dit jaar spijtig genoeg hiermee te stoppen. We hebben het erg druk in de Hoveniersbranche en December is voor ons nog een erg drukke maand in de tuinen. Vandaar dit besluit.

Maar niet getreurd, Grietsje van der Heide van "Op Stal Deco" wil de Kerstbomen verkoop graag overnemen en zal eind dit jaar de kerstbomenverkoop gaan doen. Nadere informatie zal via de socials en Linepraat nog wel volgen.

Nogmaals bedankt voor het vertrouwen, dat jullie jaren lang op de Trije Romers de kerstbomen via Hoveniersbedrijf T Velstra bestelden.

Maar ik weet vast en zeker dat u via "Op Stal Deco" ook weer een prachtige kerstboom kunt scoren.

Taco Velstra

T. Velstra
hovenier

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand gratis in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen met een vrijwillige bijdrage van €5,- door bijgaande QR-code te scannen of d.m.v. een overboeking naar bankrekeningnummer NL12RABO 035.62.52.612.

Bij voorbaat hartelijk dank!



(advertenties)

A portrait of Anna Bijlsma, a woman with blonde hair, wearing a dark blazer over a blue top. She is standing outdoors, leaning on a dark wooden railing, with trees in the background.

*‘ELTS MINSKE IS OARS,
ELTS ÔFSKIE IS OARS’*

Uitvaartzorg
Bijlsma 

Anna Bijlsma

06 10 33 03 37
dag en nacht bereikbaar

Jouw persoonlijke financieel adviseur
in Grou en omstreken

A photograph of a modern, two-story building with a red-tiled roof and large windows. The building is surrounded by greenery and trees.

Loop gewoon eens bij ons binnen!

Wij staan
klaar voor
**particulieren én
ondernemers**

 **VAN
CAMPEN &
DIJKSTRA**
Verzekeringen | Bankzaken | Hypotheken

Parkstraat 7 | 9001 AS Grou
0566 651 020 | grou@vancampendijkstra.nl
www.vancampendijkstra.nl/grou

Sinteklaasyntocht Reduzum 22 novimber 2025

Nijs fan de aktiviteitekommisje en konsorten!
Ek dit jier wurdt fansels de yntocht organisearre.
Mar... we dogge it krekt wat oars as foargeande jierren.

Nei't Sinteklaas en syn Piten om 10.00 oere hinne oankaam binne yn 'e Haven rinne wy achter it korps oan nei de tsjerke fan Reduzum!



We hawwe it korps fan Wurdum (Brassband Wirdum) ree fûn om de muzikale begelieding te dwaan mei de yntocht.

We folgje dizze rûte: Haven, Smedingstrjitte, lâns de âld Rabobank, ôfslach nei rjochts de Haedstrjitte yn en dan nei tsjerke. Ek wannear't jo net by de Haven west hawwe mar it wol leuk fine om de optocht te besjen en te beharkjen binne jo fan herte wolkom om lâns dizze rûte te stean.

Yn tsjerke binne alle bern en âlden/fersoargers út de trije doarpen wolkom. Ien lytse betingst...

Der kinne maksimaal 100 persoanen yn de tsjerke. Mocht it sa wêze dat de tsjerke fol rekket, dan freegje we om jo begryp as âlder/fersoarger dat der foar josels miskien gjin plakje is en de bern dus foarrang krije. Mei-elkoar komme we hjir grif út!

Foar âlden/fersoargers dy't bûten tsjerke wachtsje wolle is der de mooglikheid om in bakje kofje of tee te drinken yn it lokaal.

Ferkeapaksje yn de wike fan 17 o/m 21 novimber.

Om ien en oar te bekostigjen is der yn de wike fan 17 oant en mei 21 novimber in ferkeapaksje. We komme lâns de doarren mei struiguod. Ien pûdsje foar € 2,00 of 3 pûdsjes foar € 5,00. Der kin kontant of fia in QR-koade betelle wurde.

We hoopje jimme allegear te moetsjen en alfêst tige tank foar it stypjen!

Nijs fan de doarpsmûne

Op 2 oktober organisearde de coöperatie de jaarlijkse algemene ledenvergadering (ALV) onder leiding van onze nieuwe voorzitter Tjalling Dijkstra. Tijdens deze avond presenteerde de ledenraad de stemprocedure voor de leefbaarheidsactiviteiten. Op de website dorpsmolen-reduzum.nl vindt u meer informatie over de ingediende voorstellen. In de eerste week van november ontvangen de leden de stemformulieren in de brievenbus.

De avond stond ook in het teken van de thuisbatterij. Bolke van de Berg (oud-inwoner van Idaerd) gaf een heldere presentatie over de mogelijkheden van een thuisaccu. Vragen als hoe groot moet de accu zijn, hoog- of laagspanning en wanneer zet je de batterij in kwamen aan bod. De presentatie is na afloop gedeeld met de aanwezigen.

Verder werd tijdens de ALV gesproken over het contract met Energie van Ons (EvO). De

coöperatie verkoopt momenteel het geproduceerde stroomvolume aan EvO. Het bestuur constateerde dat de inkomsten teruglopen, voornamelijk door stijgende profiel- en onbalanskosten. Hoe meer wind- en zonne-energie er wordt opgewekt, hoe hoger deze kosten uitvallen. Het huidige contract met EvO loopt eind 2025 af. Daarom onderzoekt het bestuur andere mogelijke afnemers én de inzet van een batterij, die de profiel- en onbalansproblemen grotendeels kan verminderen en zo meer stabiliteit op het net kan brengen. Zo is er al een bezoek gebracht aan de Energy Egg Farm in Parrega en is veel kennis opgedaan bij verschillende leveranciers. De komende tijd zal er intensief worden samengewerkt met Buurtmolen Tzum die met vergelijkbare uitdagingen te maken heeft. De laadpalen bij de sportvelden zijn weer operationeel. Bij de rechter laadpaal was een onderdeel stuk. Het onderdeel is inmiddels vervangen en er kan weer volop geladen worden.


Bestuur Coöperatie Doarpsmûne Reduzum

(advertentie)



De verbindende factor tussen mens en papier

Notaris Mirjam



Wij zorgen ervoor dat jouw wensen juridisch goed worden verwoord op papier.

**Neem contact op met
Notariskantoor Mirjam Bos**

- ✉ info@notarismirjam.nl
- ☎ 0566 - 601 404
- 🌐 www.notarismirjam.nl
- 📍 Stationsweg 1, Grou



NOTARISKANTOOR
mirjam bos

Dit bin ik



Jelke van der Meulen
12 jier en wennet yn Friens

Mei wa wennest hjir?

“Mei heit Ronald, mem Anke en sus Pytrik. We ha ek noch twa katten en fiif hinnen. Oeke en Sybrand sa hjitte de katten, de hinnen binne noch hiel jong en ha noch gjin nammen. Mem fynt de aaien sa lekker, dêrom ha we hinnen. Ik fyn it leuk om yn Friens te wenjen. It is net sa drok en al myn freonen wenje hjir ek. Ik bin wol in soad by Leo en Simme. De speeltún is tink ik wol it leukste plakje fan Friens. We prate dêr ôf en prutse dêr wat om; chille sis mar.”

Nei welke skoalle giest?

“Nei Aeres yn Ljouwert, ik sit yn de 1e klasse yn 1.3. Ik fyn dit in leuke skoalle. Bist bezig mei technyk, beesten en mei hout ensa. Dat fyn ik allegear wol heel ynteressant. Mei de beesten fyn ik it leukste. De ko fyn ik it leukste. Ik fyn dit in ynteressant dier, moai dat it molke jout ensa. Froeger wie ik wol in protte by de boeren te finen yn Friens. No wat minder, omdat ik no oare dingen doch.”

Wat dochst dan no yn dyn frije tiid?

“Ik sit op fuotbal yn Jirnsum yn JO13. Myn favorite posysje is achtern ferdedigje. Ik bin net in gemene ferdediger mei tackles ensa. At se gemeen binne dan wol miskien in bytsje mar at se aardich dogge dan net. We binne twadde wurden, we hiene twa doelpunten minder as de earsten en ha sa dus krekt ferlern. We ha in leuk team. We slute net ien bûten, iderien heart der gewoan by. Dat fyn ik wol it leukste oan ús team.

Keatsen, dat fyn ik ek hiel leuk. Sporte, moai waar en mei oaren út oare doarpen. Opslaan of útslaan, ik fyn beide leuk. Ik soe wol ris ien dei Tjisse Steenstra wêze wolke. De keatse en de bakker, want ik fyn allebeide wol leuk.”

Wat fynst de leukste dei fan de wike?

“Freed want dan bin ik betiid út. Ik doch dan thús it leafst niks. No ja soms mem wat helpe, appels plukke of we gean ergens hinne. We dogge net niks, mar ek net in hiele soad.”

Hoe soe dyn favorite dei derút sjen, de Jelke dei?

“No dan soe ik earst karten gean en dêrnei soe ik paintballen en dêrnei lasergamen gean. En dan lekker út iten en dêrnei noch film sjen yn de bioskoop. Utsliepe dat dogge we net, dat fyn ik mar saai.”

Wêr soesto oer 10 jier wêze?

“Ik wenje dan noch yn Friens omdat ik dit in heel leuk doarp fyn. Myn freonen wenje hjir ek dus ik hoop dat ik hjir noch lang wenje. Ik bin dan oan it wurk en doch yts yn de agraryske sektor.”

Do hast in shirt oan fan de Hûnekop, wat fynst fan dizze muzyk?

“Ik ha se op MILF sjoen en dat fûn ik hiel leuk. Ik kin in soart nummers fan se mar net allegear. ACDC fyn ik ek leuk, dêr bin ik sels west. Dat wie yn de Arena en dêr wiene in hiele soad minsken. Toen gong de man fan de band lizzend gitaar spyljen dus dat fûn ik ek wol heel leuk om te sjen. Ik soe noch wol ris nei Voltbeat ta wolke of in oare rockband.”

Asto de baas bist fan de wrâld, wat wolst dan feroarje?

“Ik soe foar de minsken dy’t wat jonger binne dêr soe ik huzen foar bouwe. In hiele protte ha no gjin hûs. Ik soe ek wat foar de âlderen dwaan en regels meitsje foar de stikstof dat it ek wat makliker is foar de boer.”

Janet Wijnstra



(advertenties)

SIGN|STORE

Reclamebelettering

Autobelettering | Reclameborden | Gevelreclame

YACHT|WRAPPING

Niet spuiten maar plakken

Volledige Romp | Biezen | Waterlijn | Scheepsnamen

Muldyk 11b, 9001 XV Grou | www.yachtwrapping.nl



Thús yn Reduzum!

Eagum, Friens en Idaerd



Parkstraat 2, 9001 AT Grou



0566 - 62 2776



mid-fryslan.nl

Wisten jo dat...

- we ferskuorrend wiis binne mei de froulju fan it opmeitsjen en de foarmjouwing fan ús Linepraat (mar fansels ek mei alle meiwurkers)?
- it foaral foar dizze froulju slim ferfelend is as hja yn it wykein nei de 'deadline' foar noch wer in nij berjocht (mei alderhande ekskúskes) in plakje sykje moatte?
- sy ús mear wurdich binne as in artikeltsje en freed 12 oere de foardoar ticht giet?
- koartlyn Tjalling Dijkstra presintearre waard as de nije foarsitter fan de Mûnegroep?
- der in protte ideeën en sifers oer de tafels giene, de lederied syn dwaan en litten útlizze mocht en der dochs in moai bedrach bestege wurde kin oan leefberensprojekten?
- âld-Idaerder Bolke van den Berg (fan Govert en Marijke) de minsken fan alles fertelde oer de kânsen fan de thúsbatterij, mar hy ek in protte bekenden seach?
- Siebe 1000 al wer 48 jier ferlyn berne waard en we no in Julius 250 yn it doarp hawwe?
- soks neat mei leeftiid te krijen hat mar mei syn oantal doelpunten foar vv Irnsum 1?
- gemeente Ljouwert de oanpak fan de Trije Romershoeke op 'e nominaasje stean hat?
- der al gau in tsientûzen blombollen mei de hân de grûn yngiene mei de bloeiwike?
- der masinaal troch griene gemeentewurken ek noch ris safolle op 'e Terp plante wurde?
- Yfke, Agatha en Sytske roeie by de sloeprøeferiening Den Bealch en harren boat, de Oksewiell, meidien hat oan de sloeperace op de Theems by Londen yn Ingelân?
- de nije besoarger fan de Ljouwerter Krante syn putsje mei de auto docht, de doar iepen lit en dy auto sa'n almeugend piipjend lûd ôfjout dat ek de hûnen yn 'e hûs begjinne?
- it kommende desimbernûmer fan Linepraat wer yn 'full color' printe wurde sil?

Aginda

22 november	Yntocht Sinteklaas Murphy's kwis	10.30 Haven Reduzum 20.00 Café Bar De Welp
29 november	1ste Maatspartij DWEI	Café Bar De Welp
03 december	Oud papier ophalen	
11 december	ALV Iisklup Eendracht	20.00 Café Bar De Welp
21 december	Kerstfair	15.00-18.00 uur Friesch Transportmuseum – Ayttawei 72
24 december	Nulste Kerstdag	20.00 Café Bar De Welp
01 januari	Nieuwjaarsduik	12.00 Haven Swinlân
24 januari	Siebe Fennema Partij DWEI	Café Bar De Welp
31 januari	Toaniel Idaerd	Doarpshûs It Lokaal
03 februari	Toaniel Idaerd	Doarpshûs It Lokaal
04 februari	Start Pier Riemersma partij	Café Bar De Welp
13 februari	Roto toanielútfiering	Café Bar De Welp
14 februari	Toaniel Tusken Swin en Moezel	Friens
14 februari	Roto toanielútfiering	Café Bar De Welp
15 februari	Roto toanielútfiering	Café Bar De Welp
16 februari	Toaniel Tusken Swin en Moezel	Friens

Beste Linepratens,

Deze editie staat weer bol van lokaal nieuws. Heerlijke interviews, nuttige wetenswaardigheden en een nieuwe rubriek op de pagina *Opinie*; de opmerker! Een vaste columnist, die een aantal zaken tegen het licht gaat houden. Bedoeling is ook reactie uit te lokken, dus laat weten wat je er van vindt. Alle meningen doen ertoe in onze gemeenschap immers.

Wat je niet vindt is de puzzelpagina, deze schuift door naar december.....dan komen we met een heuse kerstpuzzelpagina met mooie prijzen.

Uit alle verhalen blijkt maar weer dat we een prachtige leefomgeving met z'n allen hebben. Er is veel meer dan je op het eerste gezicht ziet of zou denken. En je weet, heb je iets te melden of heb je anderszins iets aan de redactie mee te delen: **DOEN!**

Veel lees- en kijkplezier en tot december!



Nijs fan 'e Trije Doarpen Skoalle

Het schrijven van onze bijdrage voor de Linepraat is altijd een prachtig moment om terug te kijken op de mooie dingen die we met elkaar mogen beleven. In deze editie zijn onze groepen 1 t/m 4 aan de beurt en ook het algemene nieuws mag natuurlijk niet ontbreken. We wensen iedereen veel leesplezier toe!

Reduzum Bloeit - Mienskip in haar puurste vorm!

Wat hebben we een prachtige eerste Bloeiwike beleefd! De hele week stond in het teken van dit prachtige initiatief waar verbinding en mienskip centraal stonden. In samenwerking met verschillende enthousiaste mensen hebben we in de middagen dan ook een aantal prachtige activiteiten voor onze kinderen weten te organiseren.

Hoogtepunt tijdens de Bloeiwike was de 'Kulturele High Tea' op woensdagmiddag. Onder een stralende najaarszon genoten we van hapjes uit verschillende culturen en vooral van het samenzijn. In een sfeer van mienskip en ontmoeting proefden we letterlijk en figuurlijk de verbinding.

Naast deze sfeervolle middag waren er nog veel meer geslaagde activiteiten: de verkeersmiddag, een inspirerende workshop van Taco Velstra en de sportieve vis- en schaatsactiviteiten vielen bij iedereen goed in de smaak. Geweldig!

Een groot dankjewel tot slot aan onze Ouderraad en Redúster verenigingen voor de geweldige organisatie. Samen maakten we van deze eerste editie van Reduzum Bloeit een week om trots op te zijn. Dit smaakt zeker naar meer!

Foto's? Uiteraard! U vindt ze onderaan deze pagina.



Corrie & Nynke - Tige tank!

Yn ús âlderried hat koartlyn in bestjoerswiksel plakfûn. Nynke Brinksma en Corrie Betten hawwe harren funksjes oerjûn oan Marjanne Rinsma en Miranda de Vries. Wy binne Nynke en Corrie tige tankber foar harren belutsenens, ynset en weardefolle bydrage yn de ôfrûne jierren. Harren entûsjasme en trou hawwe in soad betsjutten foar ús skoalle. Tidens de saaklike âlderjûn binne Nynke en Corrie yn it sintsje setten, as teken fan wurdearing foar al harren wurk. Tige tank, froulju!


Jierdeis - Verjaardagen - Birthdays

Lokwinske allegearre and we wish you a happy birthday!



Yn novimber binne jierdei:

- | | |
|---------------|-----------------|
| 3. Lucas | 16. Fardau |
| 4. Jarno | 19. Niels |
| 8. Ilva | 19. Master Ties |
| 13. Juf Famke | 22. Maud |
| 14. Tom | |



De Bloeiwike fan 'e TDS:



Nijs út groep 1, 2, 3 & 4

De fijne sfeer van het najaar!



Op school is de herfst sfeer overal te voelen! Binnen zorgen warme kleuren, bladeren en pompoenen (prachtig aangebracht door de versiercommissie) voor een gezellige, knusse sfeer. Buiten genieten de kinderen volop van alles wat de herfst te bieden heeft: het zoeken naar paddenstoelen, vallende bladeren, kleine diertjes en de frisse lucht op het plein.

In groep 1/2 spelen de kinderen vol fantasie in de herfstzon. Ze ontdekken de natuur om zich heen, verzamelen takjes en bladeren, en laten hun verbeelding de vrije loop.

Groep 3 heeft een mooie start van het schooljaar achter de rug. Ze spelen met plezier op het voorplein, zijn enthousiast en goed bezig met rekenen en hebben genoten van de Bloeiwike. Wat leren en groeien ze al goed samen!

Ook in groep 4 bruist het van de creativiteit. De kinderen zijn begonnen met het maken van hun eigen lampion voor 11 november. Dit jaar zingen ze een nieuw zelfbedacht liedje, op de melodie van Vader Jacob:

*Kijk mijn lichtje, kijk mijn lichtje,
Zelf gemaakt, zelf gemaakt.*

*En vanavond mag ik, en vanavond mag ik,
Laat op straat, laat op straat.*

Groetjes van groep 1 t/m 4.



(advertentie)



THEO DE BOER
schilderwerken

Theo de Boer Schilderwerken staat klaar voor al uw binnen- en buitenschilderwerk! Met oog voor detail en jarenlange ervaring zorgen wij voor een strak en duurzaam resultaat. Of het nu gaat om een frisse kleur in huis of onderhoud aan de gevel: wij leveren gegarandeerd kwaliteit.

- * Professioneel & betrouwbaar
- * Duurzame verf & materialen
- * Voor particulieren & bedrijven

We zijn actief in Leeuwarden en omstreken.

Vraag vandaag nog een vrijblijvende offerte aan op www.schilderwerkenleeuwarden.nl



Geef uw woning of pand de uitstraling die het verdient !

Dàt vind ik

De rubriek 'Opinie' staat open voor iedereen. Wil je (mag anoniem, mits naam en adres bekend bij eindredactie) iets kwijt over ons lezersgebied, dan is dit de plek! Uiteraard, niet schelden, geen schuttingtaal en geen bedreigingen. De redactie kan een reactie weigeren te plaatsen.

De enige voorwaarde is, dat het een directe link moet hebben met ons gebied. Dus geen algemene onderwerpen, geen landelijke politiek, geen internationale zaken. Maar wel graag jouw mening over onze dorpen, wat er speelt, wat beter kan etc. etc. Vooral ook jongeren zijn meer dan welkom, laat horen wat je van jouw leefomgeving vindt...!

De Opmerker is onze vaste columnist. Elke editie laat zij/hij, haar/zijn licht schijnen op de lokale situatie...

Hallo ik ben de 'Opmerker', de vaste columnist van de Linepraat. Ik zal elke editie mijn mening geven over wat in mijn ogen opmerkelijk is als bewoner (m/v) van één van onze vier dorpen (Eagum, Friens, Idaerd of Reduzum). Reacties zijn meer dan welkom: gjeur@icloud.com!

Opmerkelijk

Van 22 t/m 27 september werd in Reduzum de verduurzaamheidsweek 'Reduzum bloeit' gehouden. Een prima initiatief vol activiteiten voor jong en oud, dat volledig in het teken van de duurzaamheid, natuur, gezondheid en verbondenheid van Reduzum staat. De evenementen werden goed bezocht en er werd ook volop aan meegedaan. Het evenement was bedoeld voor alle leeftijden. Echter wat mij opviel was dat jong en oud er wel waren, maar de middengroep van zeg 25 tot 45 jaar bijna niet aanwezig was bij de activiteiten. Misschien had het ook met de tijdstippen van de evenementen te maken, omdat mensen nog aan het werk zijn en kinderen naar school? Was de gekozen week wel zo handig?

De Groengroep kon nu ook eens laten zien dat ze er was. De groep was niet te stuiten op diverse plaatsen narcissen en uienbollen te planten. Hier werd met verschillend enthousiasme op gereageerd, rond de haven was een grote groep mensen bezig bloembollen te planten. Op de Terp werd dit al minder, ook door de negatieve ervaring die men uit het verleden had met de groenstrook en de kaardenbollen. Dat

geeft in het voorjaar natuurlijk een kleurig en fleurig beeld, maar is dit wel zo verduurzaam? Narcissen staan er om bekend giftig te zijn en bevatten de giftige chemische stoffen, die gebruikt worden tijdens de teelt. Op de Legedyk was het enthousiasme bijna rond het vriespunt, maar na een tweede oproep kwam er toch nog wat hulp opdagen...


Dan rijst natuurlijk nog de vraag of het wel zo slim is narcissen naast en tussen de fruitbomen op De Terp te planten. Het is namelijk bekend dat bij de bloembollenweek veel gif wordt gebruikt, die in de bollen zit opgeslagen en dus nu in Reduzum in de grond komt. Wat voor invloed heeft dit op de fruitbomen? Hoe blij is de dorpsimker hiermee, omdat het gif (Lycoline) dodelijk kan zijn voor bijen? Ook zijn bloembollen giftig voor honden en katten en aangezien De Terp de laatste tijd een uitlaatplek voor honden is geworden lopen ze gevaar als ze eten van de bollen en de bloemen. Dat geldt natuurlijk ook voor de Legedyk en de Haven. U bent gewaarschuwd.

Daarnaast blijft het wel natuurlijk een mooi gezicht als alles bloeit!

De Opmerker

Werff talent

Brengt talent en werk samen



VAST | FLEXIBEL | TIJDELIJK | VAKANTIEWERK



06 - 33 30 89 98



0513 - 61 03 80



planning@werfftalent.nl

Bel voor jouw baan!

werfftalent.nl



DeelstraJansen

ADMINISTRATIE EN ADVIES

Deskundig, betrouwbaar en betrokken

jaarrekeningen • fiscale adviezen • loonadministraties • belasting-
aangiften • bedrijfseconomische adviezen • bedrijfsoverdrachten
samenwerkingsvormen • subsidies

Wismastate 9
Postbus 52
8900 AB Leeuwarden

T (0888) 18 18 18
F (0888) 18 18 00
E info@deelstrajansen.nl
www.deelstrajansen.nl

Beste dorpsgenoten,

Wij zijn Fredrik, Hanelize en Sofie. Een paar maanden geleden hebben we de oude slagerij met woonhuis aan de Haedstrjitte 39 gekocht.

Velen van jullie zullen het pand van buiten wel kennen – en van binnen was het helaas niet veel beter. Gelukkig is het dak inmiddels waterdicht en toekomstbestendig gemaakt. Nu zijn we druk bezig met de verbouwing binnen.

Bij het langsrijden was de focus van jullie eerst

op de dakrenovatie. Maar sinds kort wordt jullie aandacht natuurlijk getrokken door dat mooie roze winnaarsbordje aan de lantaarnpaal!

We kijken ernaar uit om binnenkort definitief te verhuizen en ons echt te settelen in Reduzum. Ondanks dat we er nog niet wonen, hebben we het dorpsleven al even meegemaakt met de merke. Het is fijn om te zien dat de actieve gemeenschap die we hoopten aan te treffen, echt bestaat!

Oant sjen!

Fredrik, Hanelize en Sofie Lautenbag



Iepeningstiden iel en mear

Yn ferbân mei de feestdagen yn desimber ha wy ús iepeningstiden oanpast.

Wy binne slúten op:

- Freed 19 desimber
- Sneon 20 desimber
- Freed 26 desimber
- Sneon 27 desimber

Wolle jo wis wêze fan salm en rikke iel dan graach op 'e tiid bestelle: a.jager81@upcmail.nl of 0566 602039.

De hiele moanne **jannewaris is de winkel ticht, fan 6 febrewaris ôf steane wy wer foar jim klear** en leit de farsk rikke salm en iel wer yn de fitrine.

Wy binne iepen op:

- Tiisdei 23 desimber fan 10.00 - 17.00 oere
- Woansdei 24 desimber fan 10.00 - 13.00 oere
- Tiisdei 30 desimber fan 10.00 - 17.00 oere
- Woansdei 31 desimber fan 10.00 - 13.00 oere



THUISZORG BIJ PATYNA VERTROUWD EN DICHTBIJ



Bij Patyna Thuiszorg kunt u rekenen op zorg die past bij úw leven. Ons kleine en vertrouwde wijkteam kent de omgeving en kijkt samen met u naar wat u nodig heeft.

Wij staan voor u klaar met:

- verzorging
- verpleging
- alarmopvolging
- vakantie zorg
- intensieve en langdurige zorg bij u thuis

Meer weten of een vraag?

Bel 085 - 1143200

Mail thuiszorg@patyna.nl

Een kijkje achter de schermen?

Bekijk de werkdag van
zorgkundige Marloes!



It nije Qlubbseizoen is wer fan start! Op freed 17 oktober ha we dan ek wer ús earste feestje hân, in Halloweenparty!! De bern hawwe de hiele jûn hearlik oan it dûnsjen west en wat wienen de bern prachtich ferklaaid! It wie in lestige kar wa't it moast ferklaaid wie, want eltse ien seach der supermoai út. Foar de winners ha we úteinlik keazen foar Marrit en Maud, want sy hienen har eigen outfit makke mei ferve en de naaimasine, hoe 'cool' is dat?!

Tusken it dûnsjen troch ha we it 'mummypul' dien. De bern gongen yn twatallen tsjininoar striden. Wa kin it fluchste de oar yn in rol wc papier wikkelfe? En wat wie it spannend, mar de winners wienen: Femke en Njisk! Dêrneist hawwe we oan it begjin fan de jûn in ferrieder oanwiisd, hy/sy moast de hiele jûn

geheime opdrachten útfiere, sûnder dat de oaren it trochhienen. Oan 'e ein fan de jûn mocht der rieden wurde wa't de ferrieder wie en wat die Simke dit goed as ferrieder sis, net ien koe riede dat hy de ferrieder wie! Al mei al wie it in prachtige jûn mei ús allen. Tige tank foar alle bern dy't derby wienen.



Hjirûnder is de planning te finen fan alle feestjes en aktiviteiten oant de simmerfakânsje. Dus pak foaral de aginda derby en folje de data yn! Wy hoopje de bern te sjen by ús feestjes en aktiviteiten.

Wannear?	Wat?	Wêr?
Freed 21 novimber 2025	Lasergamen	Battlehouse It Hearrenfean
Freed 19 desimber 2025	Krystgala	Qlubbgebou
Freed 23 jannewaris 2026	Reedride	11steden hal Ljouwert
Freed 20 febrewaris 2026	Falentynsfeestje	Qlubbgebou
Wykein 6, 7, 8 maart 2026	Kamp Blierherne	It Amelân
Freed 24 april 2026	Keningsfeestje	Qlubbgebou
Freed 22 maaie 2026	Swimme	Swimfun De Jouwer
Freed 19 juny 2026	Simmerfeest	Qlubbgebou

Nei ûngefear fiif jier hat Romy Kleefstra besletten dat it tiid wurdt foar oare útdagingen en dêrom sit se net mear yn it qlubbbestjoer. Op dizze wize wolle wy Romy tige tankje foar har ynset de ôfrûne jierren. Wy winskje har in hiel soad sukses en wille foar de takomst. Tige tank!

(advertentie)

HAAIMA


SERVICE EN AUTO'S

Klear foar de takomst!

FOAR SERVICE EN AUTO'S ÉN DUORSUME OPLOSSINGEN!

By Haaima fine jo alles foar jo auto ûnder ien dak. Mei 11 fêstgingen yn Fryslân en de Noardeastpolder steane wy klear foar elkenien - fan partikulier oant saaklik. Oft it no giet om ûnderhâld, reparaasje of de oanskaf fan in nije auto, wy binne jo betroubere partner.

As dealer fan Opel, Peugeot, Citroën, Fiat, Jeep, Leapmotor, Abarth en Suzuki én spesjalist yn reparaasje fan alle automerken, hawwe wy altyd in oplossing dy't past. Kom del yn Dokkum, Drachten, Frensjer, Emmeloord, It Fean, Ljouwert, Snits of Wurdum en belibje it sels!



www.haaima.nl



Comfort vs. controle



Op herfstachtige dagen de gaskachel nog even niet gebruiken en de houtkachel wel, daarmee begeven de houtstokers zich op glad ijs! Wat begint als een gezellige bijverwarming moet al vrij snel worden ‘terug geregeld’ en bedoeld om op gas te besparen, dat effect blijft gering. Nu de gasketel of de warmtepomp gebruiken is véél effectiever en ze geven méér comfort.

Maar de discussie, welke kachel wanneer te gaan gebruiken, raakt ook iets gevoelig aan; de gezelligheid! Diegenen die het stoken van hout koesteren, het liefst de hele dag de kachel voeren en constant het vuur controleren, vergeten dat ze maximale roetvorming en overlast creëren. In hoever wil en kan deze stoker z’n gedrag veranderen en inleveren op gezelligheid?

Door het stookschema links te bekijken. Het gunstigste warmtedeel voor een houtkachel zit in het onderste driehoekje, in hartje winter. Hier levert de houtkachel op z’n best en bereikt de stoker het hoogste effect op gasbesparing.

Simpel gezegd: “De houtkachel stoken is wel gezellig, maar bewaar dat voor een periode met échte kou, wanneer er echt geschaatst kan worden.”

Fetze Tigchelaar

Filmavond

Op de 1e avond van het filmseizoen, 22 oktober, werd de film “The Last letter from your Lover” gedraaid. Deze film, een romantisch drama, speelt in Londen in het jaar 1965 en in het heden. Het leven van jetsetter Jennifer Sterling is in de ogen van een buitenstaander volmaakt. Ze is getrouwd met Laurance, een succesvolle zakenman en vult haar avonden met party’s en banketten. Echter is het huwelijk onderhevig aan slijtage. Haar man is er nooit voor haar en als hij er wel is, is hij minachtend tegenover haar. Hierdoor wordt de kloof tussen de twee steeds groter en ontstaat er tussen Jennifer en de journalist Anthony O’Hare een affaire en een heimelijk briefwisseling. Maar de liefde wordt nooit definitief. In de huidige tijd ontdekt journaliste Ellie Haworth per ongeluk, en met de hulp van archiefmedewerker Rory, de briefwisseling tussen de twee. Het lijkt een mooi uitgangspunt voor een krantenartikel. Misschien wel omdat ze zelf is gestopt met het dromen over een perfecte liefde. In de liefdebrieven vindt ze iets waar ze zelf ook nadrukkelijk op naar zoek is. De werkkrelatie tussen Rory en Ellie is niet direct goed, maar door de brieven komen ze steeds verder tot elkaar, waardoor de film in het heden en verleden doorspekt is met romantiek.

“The last letter from your Lover” is redelijk voorspelbaar, maar toch een prachtige film. Het was weer een leuke avond, die door een technisch probleem wat langzaam op gang kwam. Jammer dat er weinig bezoekers waren, maar dat kwam misschien ook wel door het late moment van bekendmaking dat de film afgespeeld zou worden.



De volgende filmavonden zijn op de woensdag: 11 februari en 25 maart in het lokaal achter de kerk. Dus zet het in uw agenda. Welke film dan gedraaid zal worden is nog een verrassing.

Dirk Vermeulen

Airco Techniek Friesland

Nooit meer **temperatuurstress!**
Met een airco van Airco Techniek Friesland
verkoel je in de zomer en verwarm je in de winter!



Wil je er ook comfortabel bijzitten?
Scan dan de QR-code of bezoek onze website.



www.aircotechniekfriesland.nl



Leppehiem

menskipssintrum

Maaltijdservice van Leppehiem

Niet zelf koken, maar wel lekker en gezond eten? Leppehiem levert dagelijks warme, maaltijden bij u thuis, vers bereid in onze eigen keuken. Liever koelvers en zelf opwarmen? Kan ook!

Meer weten? Neem contact met ons op!
Leppehiem (0566) 654 654

• • • een mooie dag op eigen kracht

DIERENARTSENPRAKTIJK REDUZUM-GROU



Oedsmawei 13 9001 ZJ GROU tel. 0566 – 601464

Spreekuur uitsluitend op afspraak

Voor spoedgevallen 24/7 bereikbaar

Balie geopend: Ma t/m Vrij: 8.00 – 18.00 u.

Zat: 8.00 – 9.30 u.

info@dierenartsgrou.nl www.dierenartsgrou.nl



Blauwe Tent

Lunch & Diner

Gewoon lekker eten in een gezellige
ambiance. Betaalbaar, puur,
(h)eerlijk en lokaal.

Overijsselsestraatweg 6, 9008 TS Reduzum
www.blauwetent.nl • info@blauwetent.nl

It is better dat de karre giet as dat er stiet

Jimme hawwe dizze âlde karre grif ek wol stean sjoen. Wikenlang stiet er al op it parkearterrein by de Blauwe Tinte. Delsetten troch in eigener dy't syn fersliten oanhingweintsje wol kwyt woe. Foar him bestiet syn karre net mear, hy (of sy) koe der gjin drûch brea mear mei fertsjinje. Dêrom stiet dat weintsje no stil, in oar sil it grif opromje moatte.



It fyn it wol in moaie metafoar foar it kabinet Dick Schoof yn it bysûnder en de hjoeddeiske polityk yn it algemien. It wie al betiid hjerst yn it kabinet. De PVV bewâldspersoanen waaiden begjin juny al fuort, yn augustus setten de NSC-kabinetsleden ôf. De VVD en de BBB hobbelen demisjonêr, mei de partijleaze Schoof, troch oant de ferkiezings fan 29 oktober lêstlyn. No noch in skoft(sje) op de 'winkel' passe oant der in nij kabinet is en dan kin it opromjen begjinne.

Doe't op 2 july 2024 it kabinet nei in formaasje fan 223 dagen beëdige waard, kamen we goed yn 'e kunde mei Marjolein Faber, de strangste minister fan Asyl en Migraasje, in nij ministearje. Dat 'strange' waard sein toch har grutte lieder Geert Wilders, dy't de boel derhinne bruide doe't syn plannen net stipe waarden troch de koälysje. Marjolein hie doe tiid om in boek te skriuwen: 'Mij krijgen ze niet klein'. Wylst se nea oan in praattafel op telefyzje sitte woe, koe dat no ynienen wol. Sa'n boek moat fansels wol ferkocht wurde! Jeroen Pauw hie de 'eare' om mei har te praten. Ik fûn it in hiel suterich petear, der kamen gjin antwurden op de fragen dy't steld waarden. Sa tink ik deroer, mar op sosjale media wiene ek oare gedachten. By guon wie Marjolein de grutte winner! Foar dizze minsken wie se net 'de grootste prutser die ooit in vak K heeft gezeten'.

By de demonstraasje foar in stranger asylbelied op sneon 20 septimber op it Malieveld yn De Haach wiene allinne mar ferliezers. Ekstreemrjochtse groepen krigen dêr 'help' fan fuotbalhooligans út hiel Nederlân. Dy 'fuotbalfernielers' slaan gewoanwei elkoar foar de bek, no wiene se ien groep (yn it swart, mei it gesicht bedutsen), fan radikale gewelddiedige militanten. De polarisearjende groep roppers en razers ('Sieg heil' roppe, mei NSB-flaggen swaaije, plysje-auto yn 'e fik stekke, it D66-kantoar slope) wurdt mei troch

de asosjale media aloan grutter, heftiger en ek jonger. Undersyk hat útwiisd dat in protte fan dizze rjochts-ekstremisten earder ek belutsen wiene by de koroanarellen.

Kwa dieden fan it kabinet bleau it hiel stil yn de hofstêd, wylst it ien en al lawaai wie op de sosjale media. Haadrolspiler Geert Wilders, dy't sels net op 'e regearplanken stean mocht, hie fansels meastal it heechste wurd. Dat hy bedrige waard is fansels in grutte skande, doe hat er in koart skoftke net meidien. Dêrnei koe er de striid wer oangean mei Timmermans, Jetten, Dassen, Bontenbal, Dijk en Bikker. En... hy wol premier wurde. Dat hast net ien my him gearwurkje wol liket him neat te dwaan. It tinken fan Geert is troch oare rjochtse partijen sûnder tûkelteammen oernommen. It is krekt as binne se as de dea foar de PVV. Dy partij hat dat hurde migraasjelûd al jierrenlang hearre litten en in part fan ús befolking is der hiel gevoelig foar.

Guon politike debatten op telefyzje ha ik net útsitten. As it ien grut hinnehok wie mei trochinoar keakeljende politisy dy't ek allegearre de brette hoanne úthingje woene, dan joech ik belies. En fansels sakke myn broek ôf doe't dy smoarge AI-plaatjes toand waarden. In Twadde Keamerlid fertsjinnet rom 141.000 euro bruto yn it jier. Dat is noch sûnder fergoedingen foar wen-wurkferkear, oare reis- en ferbliuwskosten en beropskosten. En as je dan net fierder komme as... It is in skande!

Ik bin fansels hiel benijd nei de útslach fan 29 oktober, want dit stikje is sûnder AI makke foar de stimdei. Dy útslach sil grif yn dizze Linepraat stean. De formaasje wurdt fansels wer in poepetoer. De lêste trije kear (kabinet Rutte 3 en Rutte 4 en kabinet Schoof) wiene de langste yn de histoarje mei 225, 299 en 223 formaasjedagen.

It is te hoopjen dat der in regearploech komt dy't echt oan it wurk kin en wol en dat foar in moai skoft. Soks moat dan dien wurde mei 'meiminsklikheid'. It mei dochs net sa wêze dat wy minsken, dy't ferdreaun wurde troch geweld en oarloch, net mear helpe en opfange kinne. Ek de arbeidsmigraasje moat flink yn 'e steigers, mar sûnder kinne we net. 'Hoop, lef en trots', it biedwurd fan kabinet Schoof hat ús neat brocht. Fan 'stoarm sieddet stoarm', hawwe we no genôch hân. Der leit mear as in weinfol (in karrefracht) wurk. Set dy karre net op in parkearterrein. It is better dat de wein giet as dat er stiet.

Koos Wieling

Weromsjen op'e Great River Race

Op 20 septimber hat roeiferiening 'Den Bealch' meidien oan de Great River Race yn Londen. In hiel avontuer en wy wiene wol benijd hoe't dizze race foar harren ferrûn is en oft se ris wer sa'n útdaging oangean wolle. Yfke Boersma hat my deroer bypraat.



Theems mei
the Tower Bridge

Neist Yfke roeie Agatha Vermeulen en Sytske de Jong, dy't earder yn Idaerd wenne en no yn Wergea, mei. Agatha hat net mei west nei Londen, mar Sytske wie al fan de partij.

Roeiferiening 'Den Bealch' sit yn Terherne; se hawwe twa boaten, rêdingssloepen, dêr't se mei roeie: de Oksewiél 1, in grutte boat, dêr't manlju yn roeie en de Oksewiél 2, in wat behindiger boat foar froulju. Yn 'e simmertiid, fan 1 april oant 1 novimber, traine se rûnom Terherne. No't it jûns wer earder tsjuster is, is it net sa leuk mear.

The Great River Race is in jierliks barren op de Theems yn Londen en 15 jier lyn hat 'Den Bealch' der ek oan meidien; fjouwer fan de Terhernster roeiers ha earder meidien, mar foar Yfke en Sytske wie dit de earste kear.

Wêrom ha jim hjiroan meidien?

Yfke: 'It wie foar ús in útdaging, om ris earne oars te roeien en ik hie it net misse wold; it wie geweldich! We roeiden ûnder oare ûnder de Tower Bridge troch en dêr stie it swart fan de minsken!'

Hoefolle en hokker boaten diene der totaal mei?

'Der diene 267 roeiboaten mei: ferskillende types en elk type boat hat sa syn eigen 'wjerstân'. Alle boaten

starten op itselde plak, de race wie 21,6 milen (36,6 kilometer) en gong ûnder 28 brêgen troch en as earste de Tower Bridge. We hiene de stream mei, hawwe der 3 oeren en 11 minuten oer dien en binne as 94e fan de 267 einige. As je it tij tsjin krije, is it sa leuk net mear.

We hiene prachtich moai waar, in strakblauwe loft en sa'n 21°. We hiene in protte wetter mei, want we koene ûnderweis net oan 'e wâl 'bytanke'. Wy sieten mei ús alven yn 'e boat, de Oksewiél 1, mei fjouwer manlju en sân froulju, wêrfan twa stjoerders, in man en in frou; ien fan harren is ek reserveroeier. Yn prinsipe sit ik oan it helmhout, bin de 'stjoerfrou' en de reserveroeier en Teije wie de navigator; hy hie de kaart mei de brêgen paraat en joech oan hoe't we ûnder de brêgen trochroeie moasten. Hy flústere my dan 'stjoerboard'/'bakboard' yn.

Je meie elkoar ûnderweis net 'pleagje', net yn elkoars farwetter sitte en stjoerboard oanhâlde. Mei ynheljen koene je tefolle nei bakboard reitsje en dan waard der fluite! Mei in gruttere boat ha je mear wjerstân. De Ingelsen binne oer it algemien hiel leaf en fatsoenlik.'

Wiene der mear Fryske teams?

'Ja, Tréwis út Aldeboarn en de Spekjesboat (Frisia) út Harns. En ynternasjonale boaten, lykas in smelle boat mei Italianen, lytse mantsjes, en der wiene sels bern, dy't meiroeiden.'

Hoe en wannear binne jim rjochting Londen gien?



Underweis

‘We binne tongersdeitemiddei, 18 septimber, om 5 oere út Terherne mei in buske en de sloep derachter en in auto mei twa persoanen, nei Hoek van Holland riden. Dêr ha we de bus mei de sloep en de auto op ‘e nachtboat, de Stena Line, riden. Nei in waarm miel en even byprate, ha we om 12 oere ús hutten opsocht. De oare moarns, nei in moarnsbrochje oan board, binne we efterinoar oan nei Londen riden, dêr’t in hotel boekt wie. De sekretaresse fan ús roeiklup hie, lykas altyd, alles hiel goed regele! De freedts moasten we tusken 12 en 5 oere by de finish wêze foar it ‘kranen’ fan de sloep en waarden de wedstriidboaten mei in kraan yn it wetter takele. Fan dêrút waarden de roeiboaten nei de start sleept. Doe ha we Londen yn west: in protte huzen en beton, mar ek moaie grutte griene flakten der tuskenyn; de blombakken dy’t dêr stiene wiene mearke-effich! En ha we ûnderweis mei-elkoar iten.’

En de dei sels?



‘De sneons, 20 septimber, waarden we moarns om 6 oere mei trije bussen ophelle, dy’t ús nei de start brochten. We krigen allegear in ‘goodiebag’ mei foar ûnderweis. De start wie oan ‘e ein fan de moarn. Hjir, by de start, wie fierder net folle te belibjen; we ha oardel oere yn ‘e rige stien foar in koffjekream...

De boaten leine op in rychje oan ‘e start. De stjoerfrou moast in swimfest oan ha en krige in ‘tracker’ om, sadat we folge wurde koene. We binne tagelyk mei de manlju fan Tréwis starten en hawwe ûnderweis op brêgen wol minsken sjoen. Samar ynienen lâne der in helikopter neist it wetter op ‘e grûn. Wy tochten; ‘Wat bart hjir?’ en even dat Trump útstappe soe, mar it wie Ingelske ‘high society’. Wol lei der in protte rotsoai en hout yn de Theems; ien boat hie al tûken/hout yn it roer. Mar it útsicht wie geweldig; dêr koene we, as we tiid hiene, fan

genietsje, mar we moasten it kopke derby hâlde. Neist al dy brêgen, dêr’t we ûndertroch moasten, kamen we lâns it ‘London Eye’ (reuzerêd) en de Westminster Abbey.

By de finish moasten we wachtsje oant it wetter sakke, foardat we drûch út de sloep stappe koene en dêrnei wachtsje oant der ‘kraand’ waard en ús boat út it wetter helle wurde koe.

We binne wer mei-elkoar nei ús hotel gien, ha ûnder de brûs west en binne doe werom nei de finish gien foar de ôfsluting fan de race. Hjir stie in grutte tinte yn it hege gers, mei allegear foodtrucks en genôch drinkplakken (mei blikjes reade wyn). De measte Ingelsen wiene al ôftaaid en mei wol 75% Nederlanners ha we op ‘e dûnsflier in moai feestje boud en op ‘t lêst it ljocht útdien!’

Hoe en wannear binne jim werom kaam?

‘De sneins ha we in koartere rûte werom naam. We wiene de oare moarns om 11 oere yn Dover en binne dêrwei nei Duinkerken yn Frankryk fearn, sa’n 3-4 oeren. We hoegden dizze kear net oan board te oernachtsjen. Jûns om healwei tsienen wiene we wer yn Terherne.’

Is dit foar werhelling fetber en ha jim noch mear útdagings?

‘We hawwe prachtige oantinkens oan it hiele wykein en ja, we wolle oer 15 jier wol wer meidwaan! We tinke deroer om takom jier yn Parys oan sa’n race mei te dwaan, op ‘e Seine.

Sneon 11 oktober ha we meidien oan de ‘Grachtenrace’ yn Amsterdam. Dêr binne we mei de boat op in trailer hinneriden, de start wie by it Olympysk Stadion en we binne ûnder 42 brêgen foar de wyn, in lytse 20 kilometer troch Amsterdam roeid. Dit dogge we alle jierren, lykas de HT-race fan Harns nei Skylge, de dei nei Himelfeart. Op it programma stean noch it Liwwadster Rondje op 25 oktober en as ôfsluting op 1 novimber de roeisloeperace MPM: Muiden-Pampus-Muiden, dêr’t we mei beide sloepen, acht manlju mei de Oksewiél 1 en acht froulju mei de Oksewiél 2, oan meidwaan sille. Op dizze lêste wedstriid wurde de seizoensprizen útrikt.’

Nei ús petear hat Yfke my noch koart ferteld oer it Liwwardster Rondje, dêr’t se yntusken oan meidien hat. Dit wie eins like moai as yn Amsterdam, ek al wie it waar en de golfslach wol oars. Sawol de manlju mei de Oksewiél 1 as de froulju mei de Oksewiél 2 ha meidien, wêrby ek twa gastroeiers. De rûte gong fan Hemriksein troch de stêd, lâns de Prinsetún en oer de Bonkefeart, dêr’t de froulju noch in oare boat ynhelle ha.

Jantsje Kalsbeek



Hou je huis koel



Uitvalschermscherm of knikarmscherm

Onze maatwerkservice

✓ Meten ✓ Maken ✓ Monteren



Rolluiken



Screens

Vrijblijvende offerte

Kom langs in de winkel
of scan de QR-code.



Hubo Grou

Stationsweg 86 - 9001 EJ Grou - (0566) 62 34 63 - grou@hubo.nl - hubo.nl

#Hubohelpt



De Jong & De Wal Bouwbedrijf



- ▶ Woning- en utiliteitsbouw
- ▶ Waterbouwkundige werken
- ▶ Restauratie en renovatie
- ▶ Service-onderhoud

- ▶ Onderhoud en verbouw
- ▶ Badkamer renovatie
- ▶ Tegelwerken
- ▶ WMO-aanpassingen

24-uurs service | zomer-/winterklaar service vakantiewoningen



De Seize 9, Grou Tel. 0566 - 62 1579, info@dejongdewal.nl, www.dejongdewal.nl

Dy tiid hat west

Under dit kopke fertelle minsken ferhalen oer it libben yn it doarp. Dat kin oer de tiid fan harren jeugd wêze, mar dat hoecht net. De measte ferhalen komme út it doarpsargyf, ynstjoerd yn de perioade doe't we dwaande wiene mei de opset fan it doarpsboek, it FerLinepraat. Fierder hawwe der skriuwingroepen hiel aktyf west, fan guon minsken meie teksten brûkt wurde foar dizze side.

Tink ik werom oan âlde tiden, rûk ik it gers yn de dize fan de jûn...



Beslinga State

It wie yn it jier 1648. Op de moaie nije State fan Friens, Beslinga, wenne Pier van Sytzama, in jonge edelman. Syn heit en mem wiene al ferstoarn en Pier wenne dêr allinne mei syn tsjinstfeinten en -fammen. Mar Pier hie wol ferkearing mei in famke út Raerd, Foockel van Eysinga. Se wennet by har neef, Tjalling van Eysinga op Jongemastate. De poarte fan Jongemastate stiet der noch en koartlyn hat it hiele park in update hân, sa't dat no neamd wurdt.

Mar neef Tjalling wie net sa wiis mei de ferkearing fan Foockel en Pier. Foockel wie tweintich jier en dat fûn har neef in bytsje te jong. Mar dêr wie Pier it fansels net mei iens, hy hie al lang sketten

dat se nearne te jong foar wie. Op in nacht yn desimber fan 1648 helle hy Foockel hiel stikem út Jongemastate wei, hy skaakte har, soene we no sizze.

Tjalling wie fansels poerliik en in omke fan Foockel net minder. Dat wie jonker Hessel van Roorda van Eysinga en dy wenne yn Wurdum. Tjalling en Hessel wiene beide mannen mei in protte macht, se wiene beide grytman fan harren krite. Dizze beide boargemasters wiene it hielendal mei-inoar iens, we helje Foockel werom fan Beslinga.

Op de jûn fan moandei 11 desimber soe it wêze. Hessel en Tjalling hiene in grutte ploech fan sa'n fjirtich man byinoar brocht om harren te helpen.

A man wearing a green cap and glasses, holding a green plant, with a blurred background of foliage.

T. Velstra 

hovenier

info@hoveniervelstra.nl
06 180 666 04

**Transportbedrijf
Bakker**

Overijsselsestraatweg 6a
9008 TS Reduzum
T 0566-601165 F 0566-601747
info@transportbedrijfbakker.nl

Levering van:

- **Straatzand** • **Speelzand** • **Manegezand** • **Split**
- **Drainagezand** • **Tuingrond** • **Compost** • **Grind**

In elke gewenste hoeveelheid, los gestort of in big-bags

www.transportbedrijfbakker.nl

A logo consisting of three stylized water droplets in green, orange, and blue.

**Van der Meulen
Installatietechniek**

Reduzum

Martijn van der Meulen

 +31 6 131 658 68
 www.vandermeuleninstallatie.nl
 info@vandermeuleninstallatie.nl

A large, thick, green curved line or swoosh that starts from the bottom right and curves upwards and to the left.

Egbert Minnema, de eksteur (plysje) fan Raerderhim wie der ek by. Mar der wie ek in tige gefaarlik man by, dat wie skipper Dirck Taeckes fan Raerd. Hy hie in grutte foarhammer fan de smid as wapen by him. It hiele legerke sette yn it tsjuster op Beslinga ta. Tusken acht en njoggen oere kamen se de jûns oan by de grêft dy't om de stins hinne lei. Se koene wol oer de brêge en troch de poarte, dy stie gewoan iepen. Mar dat diene se net, want it wie sterk iis. En sa kamen se tagelyk fan alle kanten oer it iis fan de grêft it hiem op. Pier en Foockel mochten fansels gjin momint tiid hawwe om út te naaien.

De grutte doar fan de state wie ticht. Se lieten in pear kear de klopper op 'e doar falle, mar der waard net fuortdaliks iependien. Op it hiem fan it grutte slot dêr yn Friens stie ek in boerepleats. Dêr wenne Gerben Martena. Dy fersoarge de buorkerij foar Pier en Gerben syn frou Ansck holp mei om de State skjin te hâlden. Ansck wie krekt yn de State, doe de manlju fan Hessel en Tjalling mei in protte bombaarje de klopper noch mar ris op 'e doar falle lieten.

“Wêr binne jonker Pier en Foockel?”

“Dy binne hjir net, se binne koartlyn fuortgien”, sei Ansck.

De beide grytmannen en harren gefolch leauden dat fansels net en begûnen it hiele slot troch te sykjen. Yn de kelders en op 'e souders, de keuken, alle keamers giene se bydel, de sliepkeamers troch, oeral waard socht, mar se fûnen neat. Se koene net yn de wynkelder komme, want Pier hie altyd sels de kaai dêrfan yn de bûse, neffens Ansck.

“Ja ja, no, dan sille se dêr wol yn sitte”, tochten de manlju fan Tjalling en Hessel. Dirck Taeckens, de grutte skipper, waard der byhelle mei syn grutte foarhammer en dy sloech de hiele doar stikken. Mar Foockel en Pier wiene dêr ek net.

Doe besochten de mannen Ansck bang te meitsjen: se moast mei nei Ljouwert en dêr soene se har pinigje, seine se. Mar Ansck waard der net oars fan en sei: “Jim dogge mar.” Doe't dat driigjen dus net help, woene se har hannen en fuotten bine. Se seine ek dat se de frou mei de bleate kont tsjin it fjoer hâlde soene. Mar it joech allegearre neat. Ansck hold fol, dat Pier en Foockel fuortgien wiene en net sein hiene wêr hinne. Doe gie it legerke nei de pleats op it hiem. Se klommen mei brânende kearsen op it hea. Se pakten de grutte swurden en stutsen dêr mei yn it hea om. Der stiene ek in pear mannen klear mei in gewear om te sjitten. Mar alles om 'e nocht, gjin Pier en Foockel te finen. Doe sette de hiele ploech mar wer ôf.

Gelokkich foar Beslinga, dat de hiele saak net yn 'e hens gien is, want dat barde gauris yn dy wrede tiid. Mar dat sille de beide grytmannen wol net oandoard hawwe mei de eksteur sa tichtby!

Koart nei dizze tocht trouden Pier en Foockel, se setten harren fansels ta wenjen op Beslinga State. Guon fan de prachtige roubuorden yn de Frierzer tsjerke drage harren nammen. De famylje Van Sytzama hat noch altyd in eigen plak op it tsjerkhôf fan Friens.

Henk Korf

(reagearje kin: 0566 601759)



Yn petear mei Sjoukje & Rijk van Dijk



Op een dinsdagochtend sta ik volgens afspraak om klokslag 10 uur op de stoep voor het petear mei de oud-cafébaas en zijn vrouw op De Haven 17. Na wat koetjes en kalfjes raken we bij een kopje koffie geanimeerd in gesprek over beider levensloop. Een verhaal van twee goudeerlijke en hardwerkende mensen wier vertrouwen in de medemens nog wel eens op de proef werd gesteld maar die desondanks hun weg naar Reduzum hebben gevonden via een pad van 12 ambachten zónder ongelukken. Hun geheim? Een rotsvast geloof en ruim vijftig jaar grote steun van elkaar.

De jonge jaren van Sjoukje

Sjoukje (1952) is geboren en getogen in Harlingen en is de één na oudste van vijf kinderen uit een vrijgemaakt gereformeerd gezin. Haar moeder is Harlingse en haar Frysktalige heit komt uit Twijzel. Sjoukjes vroege jeugd wordt gedomineerd door hard aanpakken in de huishouding en veelvuldige oorpijn die werd 'behandeld' door steeds maar weer haar trommelvlies door te prikken. 'Buisjes' waren toen klaarblijkelijk nog niet in zwang en haar huidige doofheid wijt ze aan die ellende van toen. Heit had een autospuiterij en Sjoukje herinnert zich dat zij als 10-jarige zich er heel secuur in wist te bekwamen om voor haar vader bij reparaties de juiste kleuren te bewerkstelligen door het druppelsgewijs mengen van verschillende kleuren verf. Dat vond ze prachtig werk! Na de basisschool ging Sjoukje naar de huishoudschool en daar volgde ze de opleiding voor bejaardenverzorgster. Liever had ze onderwijs voor naaister gevolgd maar dat mocht niet omdat

die school Rooms was. Ook hield Sjoukje van koken en toen ze in de examenklas zat bereidde ze met plezier de maaltijd voor de directrice. Ondertussen was haar vader van beroep geswitcht naar het exploiteren van een tweetal sportvissersscheepjes. Dat hartklachten hier mede debet aan waren, 'daar werd thuis niet over gesproken'. De jonge meid had evenwel om de drommel wel door dat er wat speelde. Desondanks was de schok natuurlijk groot toen heit plotseling kwam te overlijden tijdens het lichten van het anker. Het greep de vijftienjarige Sjoukje zo aan dat ze niet in staat bleek om haar examen te voltooien.

Gelukkig had Sjoukje ondertussen wel een typediploma op zak en zo kwam ze in Leeuwarden bij Doedijns op kantoor terecht. Ze reisde met de trein op en neer en trof in de directeur een soort van vaderfiguur. Toch ging het absoluut niet goed. Sjoukje was altijd erg op haar vader gesteld geweest en miste hem enorm. Op een dag raakte

ze op terugreis naar huis dusdanig in paniek dat ze pardoes probeerde uit de rijdende trein stappen. Een barmhartige medepassagiere ontfermde zich over de tiener en bracht haar veilig thuis. Een jaar lang van ondermaatse therapie met versuffende medicatie werkten bepaald niet helend. Pas toen de buurvrouw voor haar een baantje op de groente- en fruitafdeling in de supermarkt regelde veerde Sjoukje weer wat op.

Genemuiden

Rijk (1950) komt uit Genemuiden en groeide op in een gereformeerd gezin met drie broers en vier zussen uit. Rijk was als leerling geen hoogvlieger en na de lagere school volgde hij het Voortgezet Lager Onderwijs. Maar ook daar leerde hij weinig. Veelal zat hij thuis omdat lessen vaak uitvielen door ziekte van de leerkrachten. Als 13-jarige werkte hij al bij Van Rees op de boerderij en daar maakte hij rietmatten. Rijks vader was arbeider in de tapijtfabriek. De stoffige werkomgeving daar was ongezond en de jonge Rijk nam zich voor dat dát nooit zijn voorland zou zijn. Liever was hij naar de ambachtsschool gegaan maar dat mocht niet van pa. Dus kwam hij al op veertienjarige leeftijd toch in de tapijtfabriek terecht.



Eigenlijk wilde Rijk het allerliefste varen. In de krant stond een advertentie met de tekst 'Als je dit kunt lezen, dan kun je bij de marine terecht!' En in navolging van zijn vader en grootvader meldde Rijk zich aan. De strenge meerdaagse keuring wees evenwel uit dat hij voor de mariniersopleiding in aanmerking kwam; toch koos Rijk voor de marine. Na een interne opleiding van vier weken in Hollandse Rading volgde hij in Den Helder achtereenvolgens

onderzee- en mijndienst en vier maand later werd Rijk bevorderd tot matroos 2e klas. Daarna stagneerde de opleiding jammerlijk. De bootman van dienst zorgde er in het vervolgtraject voor dat die matroos letterlijk buiten de boot viel. 'Ik heb nooit begrepen waarom, maar die man had zo de pik op mij in! En terwijl al mijn maten examen mochten doen, plaatste hij mij terug naar de kazerne.' Totaal gefrustreerd nam Rijk ontslag en het weefgetouw in de tapijtfabriek was opnieuw zijn lot. Het varen bleef evenwel lonken en dus monsterde Rijk aan op de 'Gesina', een binnenvaartschip dat grind over de Rijn vervoerde.

Eerste ontmoeting

Het moet in '69 geweest zijn dat door zware ijsgang op het IJsselmeer de Gesina buitenom via Den Helder naar Harlingen voer en daar op zaterdag in de haven terechtkwam. Meegetroond door wederzijdse neven ontmoetten Rijk en Sjoukje elkaar die bewuste zaterdagavond in bar 'Black & White'. Sjoukje zag wel wat in die stoere matroos maar was zich terdege bewust van haar gereformeerde afkomst. 'Dus vroeg ik aan hem: heb-ie ook een geloof?' 'En ik zei: jawel, maar ik doe d'r niks meer mee', aldus Rijk. Sjoukje moest van haar moeder voor twaalfen thuis zijn en zij wees de enigszins aangeschoten Rijk netjes de weg terug naar de haven. De volgende dag spraken ze stiekem af en vanaf dat moment was de verkering helemaal aan.

Een eigen huis

Twee jaar later toog Sjoukje vergezeld door haar broer naar de Harlinger Dokstraat om een huurhuisje te bezichtigen. Dat leek haar wel wat en met haar handelsgeest overdonderde ze de huisjesmelker of zij het niet kon kopen. Wel, dat kon ook! Met 'handgeld', voor een groot deel haar erfdeel van haar vader, kreeg ze het voor elkaar. Bij het plaatselijke Wooncentrum Walinga werden meubels in de uitverkoop en op afbetaling aangeschaft. Elke keer als er weer wat geld werd gebracht werd een deel van de toekomstige inboedel in het magazijn apart gezet. En toen hun set compleet was vatten de jongelui het plan op om te gaan trouwen. Daarvoor moesten ze evenwel 'met spoed' eerst nog op belijdeniscatechisatie. De dominee vuurde wel honderd vragen op het jonge stel af en was meedogenloos in zijn oordeel. En dus mochten ze niet in de kerk trouwen. 'Maar het geloof zit toch in ons hart?', heeft Sjoukje nog uitgeroepen; de dominee liet zich echter niet vermurwen ... En dat was niet de enige domper: twee weken voor de trouwerij stierf Rijks vader plotseling op 57-jarige leeftijd. Er volgde een sobere 'boerenbruiloft' zonder muziek. Desondanks herinneren beide echtelieden zich het als een prachtige dag.



Kinderopvang Bernefertier
[0 t/m 12 jaar]
dinsdag t/m vrijdag
07:00u tot 17:30u

Haven 15, 9008 SX Reduzum

info@bernefertier.frl
0653319428

Hâlde jo wol fan wat oandacht?

Set dan in advertinsje yn de Linepraat!
Jo berikke in lytse 600 húshâldings yn
Mid-Fryslân yn ien kear. En fia de digitale
Linepraat op www.reduzum.com alle
moannen nochris in protte lêzers derby.

Stjoer in mail nei
advertentie@reduzum.com. Dan nimme
wy kontakt mei jo op en kin dy advertinsje
faaks al yn it folgjende nûmer stean!



ReduRisk
Adviseurs in Risicobeheer

Balthasar Bekkerwei 72c, 8914 BE Leeuwarden

Vier zoons

Sjoukje: 'We hadden bedacht de kinderwens nog even uit te stellen maar met een maand was ik al in verwachting.' Hadden jullie dan geen voorlichting gehad? 'Natuurlijk niet, bij mijn eerste ongesteldheid dacht ik ook dat ik dood zou gaan!', vervolgt Sjoukje. Dus kreeg de natuur zijn beloop en zo werd Tiemen Jan in '73 geboren. Ondertussen was 'moeke' met veel plezier naaister geworden op een atelier terwijl pa bleef varen. In de visserij of bij baggerwerkzaamheden, tot in België aan toe. In de jaren daarna volgden nog drie zoons, Edwin ('75), Richard ('77) en Jeroen ('78) en werd het gezinsleven voor Sjoukje te druk met een man die door de week veelal van huis was. Dus zocht Rijk zijn werk wat dichterbij huis in de bouw en later werd hij conciërge op een school. Ondertussen was het gezin naar een grotere woning in Midlum verhuisd.

De sprong in het diepe

Het moet in '95 geweest zijn dat Sjoukje met vriendinnen aan het volksdansen was in 'De Gouden Leeuw' in Arum. De Italiaanse uitbater was na afloop zo gecharmeerd van het kordate opruimen van Sjoukje en vroeg of ze niet serveerster wilde worden. Daar had ze wel oren naar! Toen bleek dat het café ook te koop stond troonde ze Rijk mee naar Arum. De administratie was een dermate grote puinhoop ('een schoenendoos met bonnetjes') dat ze er geen heil in zagen. Toch bleef het idee vooral bij Sjoukje door het hoofd spoken. Dus sloegen zij toe toen ze een advertentie in de krant lazen dat het café in Reduzum te koop stond. Het was een enorme sprong in het diepe omdat geen van beide ook maar enige ervaring in de horeca had. Bovendien werden ze gewaarschuwd door een goede kennis uit het kerkkoor dat 'Reduzum wel een heel erg rood, zelfs duivels dorp was!' Ondertussen had Rijk wel zijn middenstandsdiploma gehaald en zoon Edwin beschikte over horeca papieren. Dorpsaccountant Jan Galama hielp met het opstellen van een ondernemersplan en samen met hun zoon en schoondochter stapten ze naar de notaris. Ook oud-uitbater Bleeker maande met 'maak je borst maar nat!' Wat bleek? De koop werd half augustus gesloten, precies twee weken voor de merke...

Het werd een tijd van keihard werken, vallen en opstaan en lang niet alles liep van een leien dakje. Zelfs de bank leek zich niet aan de gemaakte afspraken te houden. Gelukkig was er precies op tijd een vertrouwenspersoon die voor hen in de bres sprong. De vrouw des huizes was aldoor leidend in het reilen en zeilen van het café, van de grote verbouw van het cafetaria tot het vaststellen van de sluitingstijden. Een frappant detail is dat Sjoukje al lang over een rijbewijs beschikte, maar Rijk niet. 'Had ik ook niet nodig immers, want ik zat altijd op

het water.' Pas in '97 haalde Rijk zijn rijbevoegdheid met hulp van de instructeur uit ons eigen dorp, Klaas Hofstra.

Het leven na de kroeg

In 2004 ruilden ze van plek met hun jongste zoon en schoondochter; Jeroen en Lutske werden uitbater van de kroeg en pa en moeke namen het beheer van het dorps huis van Friens over. Twee jaar later maakten ze een uitstapje naar het dorps huis in Welsrijp, maar dat werd een deceptie. De boekhouding was hen dermate florissanter voorgespiegeld dan die was, er bleek geen droog brood te verdienen. Ze keerden terug naar Reduzum. Rijk werd brugwachter en samen hielpen ze in het café waar ze maar konden. En bijspringen doen ze nog steeds.



Terugkijkend op het roerige bestaan in ons dorpscafé stelt Sjoukje dat het hen ook veel kracht en wijsheid heeft gebracht. Van alle schreden uit hun hele levensloop hebben beide echtelieden nooit spijt gehad. Op moeilijke momenten was juist het geloof hun grote houvast. Sjoukje begint dagelijks met gebed en 's avonds wordt er steevast uit de bijbel gelezen. Hun dagen zijn immer gevuld. Sjoukje was altijd al sportief. Vroeger mocht ze graag kaatsen; tegenwoordig zwemt ze en doet ze aan biljarten. Ook is ze op schilderles gegaan. Daar valt het maken van precies de juiste kleuren dat ze vroeger al tot in de perfectie beheerste helemaal op zijn plek. Trots wordt een verscheidenheid aan fraaie taferelen getoond. Rijk heeft zich bekwaamd in de houtdraaibank en maakt prachtige vazen, kandelaars en andere attributen in allerlei vormen en maten en van verschillende of samengestelde houtsoorten. Samen genieten ze volop van hun kleinkinderen en sinds kort ook hun eerste achterkleinkind. Voor hun nageslacht is er zondags een positieve boodschap van moeke op de app. En zo wordt hun houvast doorgegeven.

Menno Wiersma

Vers gerookte paling, zalm en meer...

Bij ons is het hele jaar door vers
gerookte paling en zalm verkrijgbaar.

Openingstijden

Vr. 10.00 – 17.00 uur & Za. 10.00 – 16.00 uur

IEL EN MEAR

Ale & Marjan de Jager
Oan it Swin 9
9008 RE Reduzum

☎ 0566 60 20 39
☎ 06 23 69 05 81
✉ a.jager81@upcmail.nl
🌐 www.praamvissenadejager.nl



SF bouw

Timmer- & onderhoudsbedrijf

✉ info@sfbouw.nl 📞 06 20 24 83 31 📍 Reduzum




Tel.: 06 - 20 55 42 14

info@schildersbedrijfronaldtalsma.nl

Sinjaalpetear

Eartiids skreaune minsken inoar in brief. No stjoere se meastal in mailsje, appke of sinjaaltsje. Twa minsken yn ús doarp hawwe inoar fûn troch dy e-post. Wy wolle it de lêzers fan ús Linepraat net ûnthâlde, dêrom wat biten en brokken fan de digitale flechtdyk tusken Suderom en Ayttawei.



Goedei Koos. It is al in hiel skoft stil op ús lyntsje. Net om dy hear, mar ik haw it gewoan smoardrok hân. Ynkoarten meie wy wer nei de stimbus en dêr haw ik in bytsje in swiere mûtse oer op. Ik hear en sjoch safolle ûnsin om my hinne, sels de stimwizer skynt ûnbetrouber te wêzen! Mei tank oan? Jawis, dy ferdulde keunstmjittige snoadens (AI) fansels wer. Ik lies hjoed dat de ried fan Achtkarspelen de ferslaggen dêrmei gearstalle lit en dat se dat sels de 'Harry Potterkrante' neame. No moat it dochs net mâler! Wat is dan wol en net wier? Witsto it noch? Ik hoopje mar dat minsken yn it stimhokje harren nochteren ferstân noch in bytsje brûke at se it reade potlead hantearje! Do ek?



In bytsje brûke, Menno? Ik soe sizze mei it folle ferstân! Dan tink ik oan de wurden fan de griffier fan Achtkarspelen dy't optekenje liet dat keunstmjittige snoadens (AI) 'in moai ynstrumint is om de demokrasy te fersterkjen'. Dat lêste hawwe we nedich, it fersterkjen fan ús demokrasy, op watfoar wize dan ek. Dan hâlde we ús ek better oan de ôfspraken dy't der jilde. In ûnôfhinklike kommisje fan de Nederlânske oarder fan advokaten hat yn fierwei de measte ferkiezingsprogramma's ûnrjochtssteatlike foarstellen fûn dy't in risiko foarmje foar dy rjochtssteat of dêrmei yn striid binne. FVD en PVV spanne de kroan mei mear as tweintich oertrêdingen. Je kinne fan alles wol roppe en skriuwe, mar je moatte je wol oan de spulregels hâlde! Ta beslút hoopje ik dat al dy swevende (swalkjende) kiezers har stim dochs útbringe en witte wat se dogge. Ik 'sweef' al skoften net mear. Hoe is dat mei dy?

Ik bin gjin swalker, Koos! lens in frijsinnich demokraat, altiten in frijthinker! En ik haw net allinne in grouwélige hekel oan 'swevers' en swalkjen, mar ek oan 'strategysk' stimme. Dat hat perfoarst gjin inkeld doel. En al dat debatearjen? Praat my dêr ek net fan. Mekoar miggen ôffange en wachtsje op flaters, mear is soks net. Myn kar stiet sa fêst as in hûs! En at de útslach en de formaasje wer sa'n pûnbult en rebûlje jout as noch gjin twa jier lyn? Dan prakkeseareje ik der wier oer om te lânferfarren! Mar wêr moat ik hinne? Dat frege Henk Westbroek fan Het Goede Doel him ek al ôf en hy kaam oansetten mei België. Myn sydsulver wol net fierder as Flylân... Wêr soesto hinne flechtsje, Koos?

Ik wol net op 'e flecht, Menno! Ek al krimmenearje wy somtiden as in âld hin, der is hjir fansels ek noch in protte om krekt te bliuwen. Benammen yn ús moaie Fryslân en de Linepraat-doarpen. Ik fiel my hjir thús ek al kinne we yn Reduzum gjin bôle mear keapje, mar de measten fan ús hawwe it hjir as wyn en bôle: in skoan libben. En nettsjinsteande alle kryptyk en polarisaasje moatte we net ferjitte dat Nederlân yn it 'World Happiness Report 2025' op it fiifde plak stiet. We hearre te deale by de lokkichste lannen fan de wrâld. Ik haw wol noed en soarch dat hieltyd mear minsken it paad bjuster reitsje. Hoe komme dy wer út de nederklits? We moatte dochs allegearre yn frijheid troch in hjerststoarm bealgje kinne!

Fansels, Koos. In protte minsken hawwe der eins gjin flau benul mear fan hoe frij wy hjirre wol net binne. Wy wiene yn augustus yn Berlyn. Yn dy stêd spûke de hiele dei 'Over de muur' fan Klein Orkest my troch de holle doe't wy oer Unter den Linden rûnen en troch Kreuzberg swalken mei oeral noch sichtbere stikjes fan de muorre dy't east en west fan mekoar skieden. It ferskil fan frijheid en twingerij wie rûnom taastber en it holocaustmonumint wie al hielendal folslein benearjend. Wat in rykdom dat wy ús stim op ien fan de 24 (!) partijen útbringe meie en kinne. Sadwaande doch ik dat hjoed op 29 oktober ek mei folle oertsjûging op in partij dy't net allinne foar mysels, mar ék foar oare minsken frijheid ferskaffe wol! Ut foarsoarch ha wy lykwols âlfêst in reiske nei Flylân boekt. Hasto al stimd, Koos?

Wis en wrachtich, Menno. Op sa'n dei fan de demokrasy is it mar in putsje fan neat. Der waarden no 832 stimmen útbrocht, der wiene 4 blanko stimmen by en 1 wie net jildich. Yn 2023 wiene der 840 stimmen, wêrfan 2 blanko en 1 net jildich.

Koos Wieling & Menno Wiersma



De Blauwe Tent: huiselijk en bij de tijd

Ik ben Tjitske de Jong en samen met mijn ouders en oudere zus heb ik 20 jaar lang in Aldeboarn gewoond. Na het vmbo in Grou ben ik naar Leeuwarden gegaan voor de opleiding MBO Restaurateur Keuken. Na die opleiding stroomde ik door naar het hbo voor Leisure Management. In die periode zijn Jan en ik gaan samenwonen in Jirnsum.



In 2012 was ik klaar met studeren en begon ik te werken bij 'De Potten' in Offingawier als recreatieleidster.

Helaas overleed mijn moeder datzelfde jaar aan

kanker. Dat was een zware tijd, en daarna heb ik veel geworsteld met de vraag wat ik eigenlijk wilde met mijn werk. Uiteindelijk kwam ik terecht bij Philips in Drachten, waar ik zeven jaar lang werkte op de afdeling Rapid Prototyping als inkoper.

In die periode kochten Jan en ik een huis in Reduzum, en werden we de trotse ouders van twee geweldige kinderen Hanna en Riemer.

Toch begon het na een tijdje te knagen. Wat wilde ik nou écht? Ik weet tenslotte heel goed dat we maar één leven hebben. Daarom besloot ik te stoppen bij Philips. Ik ging een jaar aan de slag bij Agridek, waar ik van Jan de ruimte kreeg om goed na te denken over wat ik wilde doen.

Restaurantje spelen

Ik moest vaak terugdenken aan vroeger. Als klein meisje speelde ik thuis eindeloos "restaurantje". Ik had een klein keukentje, een menukaart en mijn zus of een vriendinnetje als gast. Het gevoel om iets met de horeca te doen, werd steeds sterker. Hoe zou het zijn om een eigen horecazaak te hebben? Wil ik dat? Kan ik dat? En waar dan?

Ik zei toen weleens: "Zoiets als de Blauwe Tent, dat zou echt iets voor mij zijn." Dicht bij huis, huiselijk, kleinschalig en een plek waar jong en oud samenkomen. En toen, in 2021, hoorde ik dat Egge



Huistra de Blauwe Tent te koop ging zetten. Even twijfelde ik, maar al snel hakte ik de knoop door: samen met Jan ging ik ervoor.

Op 1 oktober 2021 kreeg ik de sleutel, en begonnen we meteen met verbouwen.

Ik wilde de Blauwe Tent huiselijk houden, maar wel meer van deze tijd maken. Dus: een nieuwe keuken, een opening naar de keuken toe, een likje verf en nieuwe meubels.

Nog steeds vragen gasten of ik de vloer heb vernieuwd, want die stond vroeger altijd scheef. Helaas moet ik ze dan teleurstellen — aan de vloer heb ik juist niets veranderd.

Weg omhoog

Tijdens de overname ben ik meteen op zoek gegaan naar een kok. Dankzij mijn schoonzus had ik die snel gevonden: Remco Jorritsma uit Raerd. Na één goed gesprek zagen we het allebei zitten, en sindsdien werkt hij bij mij in de Blauwe Tent.

Toen de verbouwing klaar was, wilden we eind december open. Nou ja, “open”... De laatste lockdown gooide roet in het eten, waardoor we alleen afhaal konden doen. Dat was best moeilijk — veel mensen wisten nog niet dat we weer open waren. En ja, wie waren Tjitske en Remco nou eigenlijk?

Maar als je op je laagst begint, kun je alleen maar omhoog. En dat deden we.

Nu, vier jaar later, kunnen we met trots zeggen dat de Blauwe Tent elk jaar een stap vooruit is gegaan. Het aantal gasten, de aanvragen voor catering, de

afhaalmaaltijden en onze vaste bezoekers — het laat allemaal zien dat we het goed doen, Remco en ik.



Vrouwelijke power

Ik ben er trots op dat ik als vrouw kan zeggen: deze zaak is van mij. Als gasten vragen of Remco en ik een stel zijn en ik “nee” zeg, denken ze vaak dat hij de eigenaar is. Het geeft me altijd een goed gevoel als ik kan zeggen dat ik de eigenaar ben.

Ik ben dankbaar voor de steun van Jan en de kinderen. Dankzij hen kan ik dit doen. Het is niet altijd makkelijk, maar het is een geweldig gevoel om als vrouw meer te zijn dan alleen “de vrouw van” en moeder. Ik vind het dan ook gaaf dat we in Reduzum nog meer vrouwelijke ondernemers hebben. Reduzum barst van de vrouwelijke power – en dat mag gezien worden. En de toekomst? Daar denk ik zeker over na. Wat die mij en de Blauwe Tent precies gaat brengen, weet ik nog niet. Maar wat ik wél weet, is dat ik het met heel mijn hart doe wat ik het liefste doe.

(advertentie)



SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



- | | |
|---------------------------------------|-------------------------|
| ✓ Geisoleerde dak en gevel beplating | ✓ Bevestigingsmateriaal |
| ✓ Ongeisoleerde dak en gevelbeplating | ✓ Zetwerk |
| ✓ Isolatie voor dak, wand & vloer | ✓ Dakgoten |

Ik bin Aafke Sytema-Boermans, 42 jier âld en wenje tegearre mei Erwin neist de tsjerke fan Reduzum oan de Legedyk. Wy binne de tredde generaasje (Van der Haak kant) dy't yn dit hûs wenje. Hiel lang lyn hat hjir in skuonmakkerij yn sitten (1650-1692), in kûperij (1821-1851) in keapman (1851-1854) en dêrnei wie dit oant 1970 in bakkerij. Dizze bakkerij wie fan Erwin syn pake Lieuwe van der Haak. Minke (Erwin syn mem) hat de skiednis van dit hûs hielendal útpluze. Yn 2006 hawwe wy dit hûs kocht en in hiele grutte ferbouwing dien fan in jier. Eins binne allinnich de bûtenmuorren stean bleaun.

Hoe bist yn Reduzum telâne kaam?

Ik wenne yn Wergea en siet op de middelbere skoalle yn Ljouwert (doe noch Delta Aldlân). Sepkje Tiesema kin ik fan dizze perioade en sa bedarre ik hast elke freed yn Qlubb en ek wol yn kafee bar De Welp. Tsja en dêr wienen ek leuke jonges fansels. Yn jannewaris 2000 krige ik dan ek ferkearing mei Erwin. Hy kaam al gau yn 'de pretflat' fan Wergea te wenjen (duplekswenten). Dêr bin ik letter ek by ynkaam. Dêrnei hawwe wy al gau in hûs op de Aytawei 'Eigen Haard' kocht (2001). Dêr hawwe wy in lytse fiif jier mei in soad wille wenne. Doe kaam de kâns dat we it hûs fan Erwin syn pake keapje koene. Tsjin sa'n plakje koene wy natuerlik gjin nee sizze. Ik wenje dus al wer 24 jier yn Reduzum! En ik hoech hjir ek net wer wei.

Wat dochst yn dyn deistich libben?

Sûnt 2018 bin ik juf op de pjutte-opfang yn Reduzum. Prachtich om te wurkjen mei dizze leeftiid (2-4 jier)! Ik mei dit wurk graach dwaan en fyn it hielendal net ferfelend dat dit yn eigen doarp is. Krekt hiel handich en sa leare je in soad minsken kennen. Dêrneist wurkje ik middeis op de bûtenskoalske opfang



(BSO). Sûnt jannewaris yn It Hearrenfean en dêrfoar 20 jier BSO yn Grou. In moaie kombinaasje, moarns de lytse bern en middeis de grutte bern.



Yn myn frije tiid mei ik graach rinne. Geregeld rin ik tochten mei Sepkje en Inge. We hawwe krekt de Dam tot Dam rûn, fan Amsterdam nei Zaandam. Foar de Fjoertoer Tocht yn Egmond (novimber) hawwe wy ek al kaarten. Hiel gesellich en ûndertusken wikselsje we fan alles út. Handige tips, lekkere resepten ensfh. Ik mei ek graach lekkere en sône resepten probearje. Mar buorrelplanken mei ik ek graach meitsje hear! In lekker wyntsje derby en gesellich sitte mei freonen!

(advertenties)

ITBO

UW IT SPECIALIST
ITBO.NL

CONTACT
info@itbo.nl
06-37383735

WEBSITE
www.itbo.nl



JELTE BOKMA



Klaas Hijlkema
T 06 484 804 49

Ayttawei 24
9008 SL Reduzum
k.hijlkema@outlook.com

KOFFIEDRINKEN

Lijkt het u ook gezellig om eens per maand
met anderen te koffiedrinken?

Dit kan elke 2e dinsdag van de maand.

Voor meer info: Wolwêzengroep Jelly v.d. Zijl, 0566-602399





Ik gean ek graach tegearre mei Erwin mei de camper fuort. Erwin hat ús VW transporter in pear jier lyn omboud ta camper en dêr belibje wy in soad wille mei. Nei Frankryk, Spanje, Slovenië, mar ek wykeins yn Nederlân. Soms net fierder as Earnewâld, mar dat kin ek al hiel leuk wêze! Ik mei wol oer it campinglibben, lekker 'kneuterich'. Underwilens hawwe wy mear freonen ek al oanstutsen en geane wy ek geregeld mei harren kampearen.

Omdat Erwin ek noch yn de boatehannel sit binne we ek noch wol in protte op it wetter te finen (neist syn wurk by Friso hat er in lytse haven yn Grou).

Myn favorite plakje yn it doarp?

Dat is eins wol thús. We hawwe in moai plakje en in hearlike tún. We sjogge sa nei Ljouwert en it is altyd in moaie tiid as de jonge lamkes wer neist ús yn it lân omspringe. We wenje midden yn it doarp, mar dochs hiel frij.

Wat soest noch graach yn it doarp sjen?

Ik bin eins hiel tefreden yn Reduzum. Der wurdt in soad organisearre. We hawwe krekt de Reduzum Bloeit wike hân. Ik haw meidien oan de kookworkshops en haw nei de YinYoga west. Hiel leuk sa'n wike.

Ek sjoch ik altyd út nei de Murphy's quiz en de merke (mei graach ferklaaid). Mar ek de oare dingen sa as Roto, FIER, it Piterpaad wienen leuke aktiviteiten en faaks besykje ik der ek wol hinne te gean mei in groepke.

We binne wend om de boadskippen út Grou of Ljouwert te heljen, mar soms mis ik wolris in winkel yn it doarp.

Aafke Sytema - Boermans





*Heb je het druk en heb je het idee
dat je nooit aan jezelf toekomt?
Gun jezelf een moment om te
aarden.*

*Terwijl je de basistechnieken van
het pottenbakken leert*

Boek je workshop/cursus

—

WWW.KLEISTUDIO.NL

Café bar de Welp



Café bar "De Welp"
Haedstrjitte 14, 9008 SP Reduzum
Tel: 0566 601541
www.cafebardewelp.nl
info: cafebardewelp@hetnet.nl
Voor al u feesten en partijen,
kom gezellig langs bij fam. Van Dijk.

Installateur nodig?

Electra Reduzum doet het!

23/7 service

Wij installeren:

- › centrale verwarming
- › zinkwerk
